


De Koepel

77e JIERGONG

no. 11, desimber 2025




**Doarpskrante foar
Wytmarsum en omkriten**



Redaksje:
Wim Beckers
Jelly Koops - Benedictus
Freek Algra
Adri de Vries
Gerke Terpstra



Wooncomfort begint met duurzame keuzes!



Enmalig investeren

Maandelijkse
kosten omhoog

Wooncomfort
omhoog

Uw partij voor gedegen advies en vakkundige uitvoering bij het verduurzamen van van uw woonhuis!



www.bouwbedrijf.heeringa.nl
info@bouwbedrijf.heeringa.nl



Heeringa
onderbouw bouwen
betekent:

- Een vast aanspreekpunt
- Van ontwerp tot realisatie
- Advies in bouwtechniek, bouwfysica, installaties en subsidies
- Meedenken met de opdrachtgever
- Vakkundige uitvoering door eigen en betrokken medewerkers
- Garantie op alle werkzaamheden
- Gratis service check 1 jaar na oplevering
- **Een voorspoedige duurzame bouw!**

Kat en Harke

Ik bin werom fan fakânsje út Japan. It is my gauris frege yn Wytmarsum. Doe't ik werom wie en fansels boadskipje moast seagen de minsken my allegearre oan. Ik snapte net wêrom, hie it gefoel dat ik hiel bysûnder wie. Mar doe krige ik "De Koepel" ûnder eagen mei it ferhaal fan Wim. No koe ik dy belangstelling pleatse. Sels moast ik thús wer ta rêst komme. De reis wie 14 oeren fleanen en de klok gie 7 oeren foarút. Itselde barde op de weromreis, mar no moast de klok 8 oeren tebekset wurde. [wintertiid hjir] It sliepen moast 2 kear wer oanpasse wurde. Troch in tige moai, mar drok programma, waard it thús fakânsje hâlde om by te kommen. Mar it wie prachtich. Ik ha respekt foar de Japanners. Op it drokste krúspunt fan de wrâld krioelde it fan auto's. Dit moast jins omtinken ha. Mar gjin getoeter wie te hearren. Streamlinich riid it ferkear dêr lâns. En nearne wie ek mar in stikje papier bûten op de grûn te finen. Itselde wie dit mei oere en tiid. Tiid is tiid. Men koe net te let komme. Dan koe de doar tichtsitte. It wurke perfekt. Wat it iten oanbelanget koe men mei stokjes ite. Der wie thús al mei oefene. Us reislieder wist fan wanten. Hy kaam somtiden mei leppel en foarke bylâns. As men net safolle tiid hat kin men mei dit ark wat hurder in panne leech krije. It iten smakke eltse kear wer tige goed. Wy ha prachtige timpels sjoen, 3 dagen yn de wrâldstêd Tokio west mei al syn drokte, yn in bergtrein steil omheech foar it útsicht, kuiere troch prachtige parken. De temperatuer hat noch 26 graden oerdei west. Dan is it hjir waar foar de winterjas.

No ha ik Sinterklaas noch nea mei in winterjas sjoen. Mar mis-kien hat hy wol termysk ûnderguod oan. Dat is lekker waarm. Want hjir is it kâlder as yn Spanje fansels. Hy moat net siik wurde! Ek yn Wytmarsum kaam hy del mei syn Piten, syn grutte helpers. Allinne Suertsjepyt hie in probleem. Dy doarde net fan it dak nei ûnderen ta. Mar Gerben Gerbrandy wist de

oplossing. Sinterklaas moast mei de brânsputauto del komme. Mei in ljedder omheech by it dak op! Suertsjepyt trille as in blêd oan de beam. Lokkich gie in brânsputer omheech om har nei ûnderen te helpen. It waard ek al wat tsjuster. Sinterklaas wie oan de lette kant. Mar hy moast fan Texel ôf werom nei it fêste lân en dan noch nei Wytmarsum ta. Letter koene de bern oant en mei groep 6 mei Sinterklaas en de Piten nei de Hoekstien ta. Dêr wie it waarm en gesellich. It paad dêrhinne wie goed ferljochte en maklik te rinnen foar jong en âld. Ien Pyt waard huldige en betanke. De haadpyt gie nei 25 jier mei pensjoen. Lokkich is Sinterklaas noch net sa fier. Want wy hawwe der mar ien!! Prachtige foto's binne der as oantinken makke.

Ljocht is no wer tige wichtich yn it tsjuster bûten. De bern hiene ek ljochtsjes by harren mei it feest fan Sint Maarten. It wie droech waar en der waard wer moai songen by de ferskate doarren. Mei folle tassen gie men letter wer op hûs oan.

Straks brâne de krystljochtsjes wer rûnom as fersiering yn beammen en op oare plakken. By it "Groencentrum" is de krystshow wer yn folle gloarje te besjen en fan alles te keap. Ljocht strielt yn it tsjuster en kin ús in waarm gefoel jaan. It feest fan frede brekt wer oan. Mar dit is net fanselsprekkend foar eltsenien. Op ferskate plakken is der oarloch en ellinde. It waarme gefoel is dêr fier fuort. Wy soene dit graach foar harren feroarje wolle, mar ha dit net yn de hân. Lit ús tinzen ek by harren wêze.

Wol men wat mear witte oar de ferskate beroppen fan doarpsbewenners, dan is de ferhalenjûn it plak dêrfoar. Surprise presintearret dit yn de kantine fan Mounewetter. Mei in grutte opkomst is der genoaten fan de ferhalen, ûnderboud mei harren befinings en mei humor. It smakket nei mear. Takom jier komt it ferfolch hjirop.

Oan dizze festiviteiten kin **BOUKE SCHELTE HOOGHIEM-STR**A net mear mei dwaan. Op 24 oktober 2025 is hy nei in tiid fan siik wêzen rêstich ferstoarn yn de âldens fan 76 jier. Hy hat syn hiele libben yn Wytmarsum wenne en fiede him hjir thús.

Hy waard keapman, krekt as syn heit en broer. Dat wurk die er mei hert en siel. Hy boaske mei Janke Dykstra yn 1971 en sy krigen tegearre 3 bern. Letter kamen de oanhing dêrfan en de pakesizzers derby. Hy wie tige grutsk op harren en genoat fan harren besites. De lêste jierren giene syn fysike en letter ek syn geastlike kondysje efterút. Hy krige de soarch dy't er nedich hie. Stil is hy út it libben wei gliden.” De hannel is dien” siet boppe de roukaart. Wy winskje syn frou Janke, syn bern en bernsbern sterkte en krêft ta by it ferwurkjen fan dit ferlies.

Op 28 oktober 2025 is nei in warber libben hinnegien SJOERD BROUWER, 90 jier âld. Krapoan 40 jier hat hy mei in soad nocht by it bedriuw fan de firma Haitsma wurke. It wie in trekerman. Hy wie dêr op syn plak en rêde mei it spul. Tusken de middei gau efkes nei syn frou Evie om waarm te iten en dan wer nei it lân. Yn de simmer is it drok op in leanbedriuw. Dêrom gie hy dan net op fakânsje. Hy wie noflik yn de omgong mar liet net oer him hinne rinne. Dan hearde men syn miening. Nei in houlik fan 66 jier bliuwt syn frou Evie efter, mei harren bern, bernsbern en oerpakesizzer .” In glim fan leafde, in trien fan gemis omdat it sûnder dy nea wer itselde is “ Hy lit yn harren famylje in lege plak efter. Meie de moaie oantinkens oan him krêft biede by it ferwurkjen fan dit ferstjerren.

Oan it libben fan in minskeminske is in ein kaam. Op 14 novimber 2025 is MEINTE ABMA, âld boargemaster fan Wûnseradiel, op 95-jierrige leeftiid ferstoarn yn Hearrenfean. Abma wie hjir boargemaster fan 1981-1995. Hy hie oandacht foar de minsken om him hinne. Dat wiene net allinne de wurknimmers by de gemeente, mar ek de oare boargers hiene syn omtinken. As men him moete, frege hy gauris: Hoe is it mei jo? En dan prate men efkes mei him. Hy stie bekend as in beskieden, ynteger en ferbinende persoanlikheid mei each foar gearwurking en it wolwêzen fan syn mienskip. Troch jûns en yn syn frije tiid te studearjen hat hy ferskate diploma's helle. Yn oktober 1970 helle hy syn Doktoraal Bestjoersrjocht. Fan 1973 ôf hat hy

fan ferskate gemeentes yn Fryslân boargemaster west. Hjir wie men tige wiis mei him. Wy winskje syn frou, bern en bernsbern krêft ta om dit grutte gemis in plakje te jaan.

OP 14 novimber 2025 is yn Skettens HAEBELTJE REINSKJE YPEIJ-KERSTMA ferstoarn, 93 jier âld. Sy hat mei har man Reinder Ypeij buorke op Harkesyl. Harren soan Johan wennet dêr no mei syn húshâlding. Mar hy wennet yn in nij hûs by de pleats. Heit en mem binne doe nei Skettens ferhuze. Harren tiid yn Wytmarsum wie drok mei it bedriuw. Sy wie in warbere en fleurige frou en wie ien fan oanpakken. Sy holp mei yn de efterlein, bygelyks efter de kij oan om dy nei de stâl te bringen foar it melken. Tichteby hûs wie de iisbaan. Dêr hat sy genoaten fan it reedriden. Tusken de bedriuwen troch efkes op'e fyts nei de iisbaan om in pear baantsjes te riden. Oant en mei hege leeftiid hat sy op redens stien. As oantinken hjiroan leine har redens op'e kiste. Wy winskje har neiteam sterkte ta by it ferwurkjen fan dit ferlies.

Op 20 novimber 2025 hat Sjoerd Kooistra mei bern en bernsbern SJOUKJE KOOISTRA-BRUINING loslitte moatten út harren libben, mar net út harren hert. Sjoukje is 76 jier wurden. Sy hat it lêste skoft siik west. Sjoukje hat jierrenlang yn "De Ielânen" wurke yn de nachtsjinst. Dit befoel har tige goed. Sa hie men noch in stikje dei foar jinsels om wat te dwaan. Sjoukje koe omraak naaie en hat hiel wat klean foar Monique en Clementine naaid. Sy seagen der altyd pikobello út yn harren moaie jurkjes. Neist it naaien fersoarge sy ek harren tún. Dêr hie Sjoerd gjin omsjen nei. Yn harren fakânsjes yn Hoenderlo makken sy hiel wat kilometers op de fyts. Dan falt it swier dat men dit net mear kin. Ynleverje is dreech foar eltsenien. Oan in houlik fan 53 jier is in ein kaam. Har man Sjoerd, de bern en bernsbern wolle wy krêft tawinskje om sûnder har fierder te gean.

It jier rint wer op syn ein. It krystfeest is yn sicht, en dêrnei de jierwiksel. Genietsje fan ljocht en fjoerwurk om jimme hinne. Eigen fjoerwurk sil miskien de lêste kear wêze. It kin dêrom wolris oerdiedich wurde. Mar de krystbeam bliuwt yn eare.

De Krystbeam.

O ljochtsjes fan de krystbeam,

Ting, ting sizze de beltsjes,

wat skine jimme bliid.

De ballen blinke sa.

As jûns de kearskes brâne,

Se winskje ús mei ljochtsjes

dan is 't sa'n moaie tiid.

In blide krysttiid ta.

(Makke troch G.Vledder.)

- Mei út namme fan de redaksje winskje ik jimme Gesellige
- Krystdagen, in Noflike Jierwiksel en in Lokkich Nijjier ta.
- Oant de oare kear, Jelly.



Yn memorium:

Sjoerd Brouwer

Op 28 oktober ferstoar Sjoerd Brouwer, 90 jier âld. Sjoerd hat hast 40 jier by ús bedriuw wurke en hat al dy jierren in steunpylder west. Hy wie foarman mar woe dat net wêze. Hy wie in oergryslík kundige man.

Yn 1957 waard Sjoerd oannommen troch myn omke Haye Haitsma en kaam yn tsjinst bij de bruorren Haye en Skelte Haitsma. Binnen de koartste kearen wie wol dúdlik dat Sjoerd in tige saakkundich man wie. In echte trekkerman. Foar him waard in swierdere trekker, in BMW Volvo 350, kocht. Sjoerd koe der mei oerwei. Mar net allinnich de trekker koe er de baas, want ek de terskmasine hie er yn de macht. Mar njonken it beriden fan it ark die er ek it ûnderhâld, nettsjinsteande dat hy gjin technyske oplieding dien hie.

Yn maaie 1962 kaam Haye Haitsma by in ferkearsûngemak om it libben. In slach foar de famylje en foar it bedriuw, want omke Haye wie de motor fan it bedriuw, myn heit Skelte wie mear boer. In swiere tiid bruts oan, mar troch de ynset fan alle meiwurkers, wêrby Sjoerd in wichtige rol spile, kaam it bedriuw dizze slach te boppen.

En nettsjinsteande feroarings yn de rin fan de tiid, wist Sjoerd, -foar ús en ús bern wie er Omke Sjoerd-, dêr tige goed mei om te gean. Begongen op in trekker fan 20pk en einigjend mei 180pk, wilens ek de motoren hieltyd trochûntwikkelen. Hy wist der wol ried mei.

Sjoerd wie in wrotter, immen wêrby it wurk it heechste guod wie. Fakânsje yn de simmer wie der dan ek nea by. Safier ik wit wurke hy ek altyd tidens de merke. Ienris wurke Sjoerd sa

lang troch dat Evie by ús oan de doar kaam om te freegjen wêr Sjoerd wie. No Sjoerd wie noch oan it terskjen.

Tusken de middei gong hij altyd nei hûs ta om by Evie waarm te iten. Bôle meinimme foar tusken de middei wie dúdlik net syn ding. Ek namen de mannen bij waarm waar en seker as der terske waard, wolris wat fleskes bier mei. Appie Steensma sette dy dan yn de loads en dan koenen de mannen wat meinimme as se dat woenen. Op it lân oankommen waarden de fleskes oan in stik tou yn de feart hongen, sa bleaunen se lekker kâld.

Sjoerd wie in noflike man, mar as him eat net sinnige dan waard dat wol efkes nei foaren brocht. Hy wie net in prater, mar hie wol it geduld om oaren it ien en oar by te bringen. Wat bliuwt binne de moaie oantinkens oan Sjoerd. Wy winskje Evie, bern en bernsbarn de sterkte ta dit grutte ferlies te ferwurkjen.

-
-
-

Klaas Haitsma

Jeu de boules

Het regende de vrijdag voorafgaand aan het Snert toernooi onafgebroken, dus we knepen als bestuur wel even de billen samen. Hoe zou dit gaan? Maar gelukkig was het zaterdag 15 november helemaal droog en goed weer om ons fameuze Snert toernooi te hebben. Sponsor waren Anton en Roelie van Draaisma Schilderwerken. De snert was huisgemaakt door Reïnette, en ongelogen, héél erg lekker!! Zo hoort snert te zijn!

Er waren 28 leden die met de ballen de strijd met elkaar aangingen voor de mooie prijzen. Ook een paar oud/ere leden kwamen een bakje snert halen en even de gezelligheid opzoeken.

Klaas bedankte ook de vrijwilligers die zich voor de Moune-boulers inzetten!

De dag begon met koffie/thee en wat lekkers. Na de eerste speelronde deden we ons tegoed aan lekker warme snert en broodjes. In de middag volgden de andere 2 partijen. De partijen waren spannend en soms zelf hilarisch. Duidelijk was wel dat de dames met een opmars bezig waren.

Hoewel er één partij was, die nog geen 10 minuten duurde. Klaas en Nannie Haitsma veegden met 13-0 hun tegenstanders van de baan. Dat is bijna spelbederf te noemen hahaha. Maar het mocht Klaas toch niet aan de 1e prijs helpen, hij begon nog heel goed tegen de sponsor, Anton, met een 9-0 voorsprong. Maar dat liet Anton en zijn kompaan niet gebeuren. Zij vochten zich terug tot 13-9!

Vele mooie en spannende momenten later bleken er dames 3 x gewonnen te hebben en qua tegenpunten gelijk te zijn. Ook bij de heren was er een gelijke stand. Dus een aantal moesten even “aan de bak” om te gooien en de juiste volgorde veilig te stellen.

Paulien Haitsma viel daardoor noodgedwongen even in voor haar zoon Remco, die eerder weg moest. Paulien moest totaal onge oefend tegen Klaas gooien maar won dit toch!!

Ook Hinke Koopmans en Meinie Visser moesten nog even gooien om de 2e of 3e plaats. Hinke won dit nipt en stelde de 2e plaats veilig.

De uitslag was uiteindelijk als volgt:

- 1: Berber Bonnema
- 2: Hinke Koopmans
- 3: Meinie Visser
- 4: Remco Haitsma
- 5: Klaas Haitsma

Roelie Draaisma ging er met 3 verlies partijen met de aanmoedigingsprijs vandoor.

De prachtige wisselbeker, mogelijk gemaakt door erelid mevr. Nellie Elzinga, was voor winnaar Berber Bonnema, die de beker trots mee naar huis nam tot de volgende winnaar van het Snert toernooi.

Met dit toernooi sluiten de Mouneboulers het jaar 2025 af. We kijken terug op een mooi jaar met vele hoogtepunten. Er komen steeds meer jong(ere) leden bij ons, die merken hoe leuk en spannend jeu de boules kan zijn.

Ben je nieuwsgierig? Kom volgend jaar gerust eens vrijblijvend langs en gooi een balletje mee!

-
-
-

Het bestuur wenst iedereen goede feestdagen en een gezond en voorspoedig 2026 toe. Graag tot volgend jaar!



METAALRECYCLING
SNEEK

**DE BESTE PRIJS
VOOR UW OUD IJZER**

Wij zijn sinds kort een
RDW erkend sloopbedrijf

**RDW
erkend**

WWW.METAALRECYCLINGSNEEK.NL

SURPRISE NIJS

As jim dit lêze is de (hooplik) suksesfolle ferhalenjûn al west, mar we ha alwer wat nijs foar jim yn petto. Wat sizze jim fan in jûn lekker laitsjen? Der knap je fan op yn dizze donkere dagen dochs? Hymphamp út Rottefalle lit yn harren foarstelling “Op portret” frjemde en soms hilaryske typkes foarbij komme.

De lokaasje is noch net bekend, mar dat kinne jim lêze yn ‘e jannewaris Koepel. Jim kinne wol alfêst in kaartsje keapje foar 20 jannewaris. Wachtsje der net te lang mei, want der binne mar 100 kaarten beskikber. Skilje mei Coby Yntema (0615522596), bestel en jim binne wis fan in hearlike jûn út. In kaart kost €10,- en moat 30 jannewaris kontant betelle wurde.

- We winskje jimme hiele fijne feestdagen en in sûn en fredich 2026.
- Toanielferiening Surprise

Tige tank

Sûnens is ús grutste besitting. As der ynienen in tiid komt dat dit net sa fanselssprekkend is en jo lang yn it sikehûs bliuwe moatte, is it prachtich om te sjen dat safolle minsken oan jo tinke.

Wy wolle jo dêrfoar betankje.

Wy winskje elkenien ek noflike feestdagen en in sûn 2026.

Jitte en Tini Jorritsma



Bij ons kun je terecht voor:

Fysio & Fitness

Dry Needling
Functionele Osteopathie
Manuele therapie
Medical taping
Valtraining

Fitness
Bedrijfsfitness
Dansen 4 Kids & Teens
HIIT-training
Spinning

**Op werkdagen geopend vanaf 8 uur
3 avonden fitness per week**

Van Aylvaweg 16, Witmarsum
0517 – 53 19 01



06 – 27 00 69 85

info@fysiowitmarsum.nl, www.fysiowitmarsum.nl

Floralia

Vrijdag 3 oktober vond het jaarlijkse Floraliafeest met als thema ‘Vol avontuur’ plaats. De opening werd buiten op het plein gehouden en daarna kon het feest binnen beginnen!

Binnen waren de ruimtes feestelijk versierd. Er was een speurtocht en in de lokalen waren verschillende spelletjes te doen, waaronder touwtje-trek, grabbelen en avontuurlijke voelbakken. De kinderen hadden leuke acts voorbereid en zorgden samen voor een afwisselend programma. Daarnaast was er volop gelegenheid om te genieten van eten en drinken. Er was naast al het lekkers ook een suikerspin machine en we hadden zelfs een foodtruck op het plein staan! En tijdens de verloting werden mooie prijzen uitgereikt.

In de patio was de tentoonstelling van de graspoppetjes die de kinderen op school hadden gemaakt en thuis opgekweekt en versierd hadden. Deze graspoppetjes zijn beoordeeld door een jury, Anneke Sinnema en Nynke de Vries. Een ieder die zijn graspoppetje tentoongesteld had kreeg een presentje en voor de mooiste graspoppetjes was er een medaille.

	1ste prijs	2e prijs
Groep 1	Jacob	Lasse
Groep 2/3	Lotte	Jelle de W.
Groep 3/4	Jort	Tess
Groep 5/6	Maud	Bo
Groep 7/8	Marins	Hayley

Kinderen mogen altijd verkleed naar het Floraliafeest komen. Dit jaar was er een uitreiking voor wie het mooist verkleed was. Deze prijzen gingen naar Berber van Berkel als Harry Potter en Sieme de Boer als clown.

Het plan is om met de opbrengst van het Floraliafeest het kleuterplein verder te verrijken – onder andere met een groen-

tunnel en andere natuurlijke speelelementen. Een prachtige manier om spelend te leren en de natuur dichtbij te brengen. Daarnaast wordt er buitenspeelgoed, nieuwe boeken en kobo blocs voor aangeschaft.

Rond zeven uur werd het feest afgerond. We willen het hele team van De Utskoat, alle vrijwilligers en de sponsors hartelijk bedanken voor hun inzet vóór en tijdens het gezellige feest! We hopen dat u volgend jaar ook weer aanwezig zult zijn tijdens de Floralia!

- De Floraliacommissie

IERAPPELS EN SIPLETS TE KEAP!!

Doré, Bildtstar, Borger en Irene



Ferkeap oan hûs

by Hidde en Rieneke de Vries

Kâldhústerdyk 4 Wytmarsum

Foar fragen en bestellingen 06-51394411

(Aardappel en uien verkoop aan huis bij Hidde en Rieneke

Koudehuisterdijk 4 Witmarsum)



PKN-gemeente

Weetjes over het Koepelkerkhof.

Het kerkhof ligt rond de Koepelkerk in Witmarsum, dat onderdeel is van de PKN-gemeente ‘Trijeris Ien’, Witmarsum-Pingjum-Zurich. Op het kerkhof mag iedereen die affiniteit met Witmarsum heeft er begraven, bijgezet of uitgestrooid worden, los van geloofsovertuiging. Het plaatselijk reglement voor het beheer van het kerkhof is na te lezen op www.pknwitmarsum.nl/kerkhoven. Voor meer informatie neem gerust contact op met Sjors Huisman, kerkhofbeheerder, 06-52121634 of spjhuisman@hotmail.com.

Historie

De oudste grafzerk in de kerk dateert van 1510. Het waren vaak de rijken die binnen begraven werden; de rest van de bevolking werd buiten begraven. Men werkte hier met houten kruisen, later met grafstenen. De oudste op het kerkhof aanwezige grafsteen dateert van 1856. Hoewel er in 1980 een grafsteen gevonden werd uit 1439, dit was de op één na oudste grafsteen die ooit in Friesland op een kerkhof is gevonden. Het bleek een nazaat uit het Van Aylva-geslacht. Deze gave grafsteen is later ingemetseld in het voorportaal van de Koepelkerk.

Grafregisters

Deze waren in het verleden op papier in boekvorm of in mappen genoteerd. Het eerste grafregister is van 1862 en het laatste is vanaf 1980. Dit laatste papieren grafregister had 48 regels met 816 grafruimtes waarvan thans 32 grafruimtes, meestal door plaatsgebrek, niet meer in gebruik zijn. Momenteel zijn er 784 bruikbare grafruimtes, waarvan 589 bezet of besproken zijn en 195 vrij. Sinds 2023 wordt er ieder jaar een nieuw digitaal

grafregister uitgebracht met daarin alle aanpassingen van dat kalenderjaar.

Grafrust

Als de periode tussen een eerste en een tweede begraafing in dezelfde grafruimte is, moet er tenminste 10 jaar tussen zitten. Een andere regel van grafrust is dat er pas 9 maanden na de begrafenis een grafmonument geplaatst mag worden.

Strooiveld

Er is vanaf november 2020 aan de westzijde van de kerk een strooiveld in gebruik genomen met een gedenkzuil waarop de namen van de dierbaren vermeld staan.

Urnenbox

Sinds kort wordt er ook meer gebruik gemaakt van een duurzame goed afsluitbare kunststoffen urnenbox. Hiervoor is slechts één grafruimte nodig. In de box kunnen meerdere urnen geplaatst worden. De box wordt ongeveer 75 à 100 cm ingegraven en is daarmee ook eenvoudig opnieuw te gebruiken om later urnen bij te plaatsen. Op het grafmonument kunnen de namen van uw dierbaren geplaatst worden.

Grafrecht

In een particuliere grafruimte heeft men het recht om te begraven, urnen bij te zetten of as uit te strooien. We onderscheiden twee soorten grafrecht. Bij aankoop van een grafruimte vanaf 2003 is het grafrecht altijd voor bepaalde tijd. Dit is voor 20 jaar met de mogelijkheid om daarna steeds met 10 jaar te verlengen. Bij aankoop van een grafruimte vóór 2003 geldt oud recht en is het voor onbepaalde tijd.

Grafonderhoud

De rechthebbende is verplicht de graflocatie inclusief grafmonument zelf schoon, netjes en onkruidvrij te houden. Wij als kerkhofbeheer laten twee keer per jaar alle graven algenvrij

maken. Let wel, dit is puur ter ondersteuning van het schoonhouden van het grafmonument door de familie of naasten.

Algemeen onderhoud kerkhof

Dit wordt door het kerkhofbeheer gedaan. Denk aan grasmaaien, heg snoeien, paden onkruidvrij houden, hekwerk onderhouden. Hiervoor betaalt u jaarlijks een bijdrage die verzorgd wordt door Hannie Kroontje. Dit doen we jaarlijks, om goed zicht te blijven houden op ons rechthebbendebestand. Wijzigingen zoals verhuizingen, die niet zijn doorgegeven, worden dan snel opgemerkt. Alle andere geldzaken betreffende het kerkhof worden verzorgd door Arita Visser, de penningmeester van het kerkhof.

Sjors Huisman, kerkhofbeheerder

PROTESTANTSE GEMEENTE TRIJERIS IEN

Kerstnachtdiensten in Pingjum en Witmarsum

Op woensdag 24 december zijn er 's avonds de traditionele Kerstnachtdiensten. In Pingjum is de dienst om 19.30 uur in de Victoriuskerk. Voorganger is ds. L.H. Westra en medewerking wordt verleend door muziekvereniging De Harmonie.

De Kerstnachtdienst in Witmarsum begint om 21.30 uur in de Koepelkerk. Ook hier is de voorganger ds. L.H. Westra en is er muzikale ondersteuning door muziekvereniging Nij Libben. Na afloop is er gelegenheid om nog even na te praten met glühwein en chocolademelk. Iedereen is van harte welkom.

Samen eten op 2e Kerstdag 2025

De kerstdagen zijn voor veel mensen volle drukke dagen met kinderen, kleinkinderen en/of andere familieleden. Heb jij het wat minder druk, maar wel zin in gezellig met elkaar eten? Kom dan voor een gezamenlijke maaltijd op:

- vrijdag 26 december a.s. van 11.30 – 13.30 uur in de Hoekstien te Witmarsum –

Iedereen is welkom, alleen of samen met iemand anders. Ongeacht of je wel of geen lid van de kerk bent. Het eten is in principe gratis, maar wie dit wil mag een gift geven.

Laat van te voren even weten of je komt en met hoeveel personen en of je eventuele dieetbeperkingen hebt. Ook zoeken we mensen die het leuk vinden om een gerecht klaar te maken. Misschien heb je een specialiteit of houd je van koken.

Opgeven om mee te eten of om eten klaar te maken bij Marijke Baarda, 06-384176530 of bij Tjitske van der Schaaf 0517- 532180 of via de mail pkn.trijeris.ien@gmail.com. Graag doorgeven uiterlijk 15 december a.s.

Oudjaarsdienst

Op woensdag 31 december a.s. is de Oudjaarsdienst niet in de Koepelkerk. Omdat er voorgaande jaren veel overlast was van vuurwerk in het centrum van het dorp is besloten de Oudjaarsdienst in de Hoekstien te houden. De dienst begint om 19.00 uur en de voorganger is ds. A.E. de Jong-Wiersma uit Sneek. Iedereen is van harte welkom.

Kerstconcerten in de Koepelkerk

Wij attenderen ook op 2 concerten, te weten het Kerstconcert van muziekvereniging Nij Libben op zondagmiddag 14 december a.s. om 15.30 uur en het Kerstconcert van het koor Schepingsgave en Sjonggroep Majim uit Koudum op zaterdagavond 20 december a.s. om 20.00 uur, beide in de Koepelkerk.

-
-
-

Prot.Gemeente Trijeris Ien



24 uur per dag, 7 dagen per week


Wij staan voor u klaar!


Thuis als het kan, in het ziekenhuis als het moet. Welke zorg u ook nodig heeft, wij zijn er voor u. Antonius, voorheen Thuiszorg Zuidwest Friesland, biedt alle soorten zorg aan huis, zoals verpleging, persoonlijke verzorging, nachtzorg én gespecialiseerde zorg.


Dankzij de korte lijnen met ons ziekenhuis kan er thuis heel veel. En als zorg thuis niet kan? Dan helpen we u in ons ziekenhuis in Sneek.

Wij zijn er voor u, zodat u langer thuis kunt blijven wonen óf eerder uit het ziekenhuis weer naar huis kunt.

Annemarie Hannema is wijkverpleegkundige in uw buurt
Welke zorg u ook nodig heeft, zorgteam Witmarsum is er voor u en uw naasten. Annemarie komt graag bij u langs voor een vrijblijvend gesprek. Want ook u verdient optimale zorg, precies op maat.

 0515 - 46 18 81

 TeamWitmarsum@thuiszorgzwf.nl

 mijnantonius.nl/thuiszorg

 **antonius**
zorg die meebeweegt

Klok Koepelkerk

Zoals u wel gehoord hebt (of misschien heeft u het helemaal niet gemist) is de klok van de Koepelkerk een tijd uitgeschakeld geweest. Dit was in verband met de reparatiewerkzaamheden aan de Koepel. Het zinkwerk van de omlijsting was stuk en daardoor was er een gedeelte van het houtwerk verrot. Het is nu gerepareerd, geschilderd en ook het uurwerk is weer up to date. De klok slaat weer en het klokgelui is ook weer te horen op de vaste tijden.

Omdat de Koepel toch in de steigers stond, is tevens het uurwerk gedigitaliseerd. De firma Vellema uit Hallum heeft deze opdracht uitgevoerd. We mochten daarvoor een bijdrage van het Ondernemersfonds van het OVW ontvangen. Dus geen handmatig meer gelijk zetten of instellen van de winter/zomertijd, want het gaat nu automatisch. Hierbij enkele foto's van de houtrot van de Koepel en ook het digitaliseringskastje.

College van kerkrentmeesters



De Bonkelder

Tryater

Vorige week waren we met groep 7/8 naar een theaterworkshop geweest omdat onze juf 25 jaar juf was. We mochten daar oefenen om theater te spelen. Susan mocht samen met Femke de kostuums bepalen, Folkert Thijs, Daiel, Aeron en Gabriella deden de techniek en de rest speelde en rol. Het verhaal ging over een gelaarsde poes. We hebben de groep in tweeën verdeeld. In de eerste groep zaten Jade, Gabriella, Folkert Thijs, lisanne, Jildou en Lieke. En in het andere team zaten Susan, Elisa, Felicia, Juf, Johan, Jan Jesse, Jurre, Aeron en Daniel. Voordat we toneel gingen spelen dat was HO CHI WATussen de middag hebben we met de hele school patat gegeten en 's middags mochten we het weerwolvenspel doen.

Jildou en Susan

Pim Mulier

